Voorwoord

WETTERSKIP FRYSLÂN

Voor u ligt de begroting 2027 van Wetterskip Fryslân. Het is de laatste begroting van deze bestuursperiode en daarmee een natuurlijk moment om stil te staan bij de beweging die we de afgelopen jaren samen hebben ingezet, maar met de focus op de toekomst. De koers uit de perspectiefnota 2027–2031 *Kanteling in Water* krijgt in deze begroting concreet vorm in onze doelen, maatregelen en investeringen.

In beweging
Deze bestuursperiode staat in het teken van kanteling. Die beweging is geen doel op zich. De wereld waarin we ons werk doen verandert snel. Klimaatverandering wordt steeds zichtbaarder, de druk op de waterkwaliteit neemt toe en voldoende zoetwater is niet langer vanzelfsprekend. Zeespiegelstijging, bodemdaling en extremer weer stellen hogere eisen aan onze waterveiligheid en ons watersysteem. Tegelijkertijd vragen strengere wet- en regelgeving, geopolitieke onzekerheid, netcongestie en de toenemende druk op de beschikbare ruimte om andere keuzes. Opgaven grijpen steeds sterker in elkaar en oplossingen kunnen daarom niet meer los van elkaar worden bekeken. In deze context van toenemende uitdagingen en verantwoordelijkheden vraagt dit van ons dat wij nog nadrukkelijker onszelf positioneren als gezaghebbende en deskundige waterbeheerder. Water en bodem moeten daadwerkelijk meewegen bij keuzes over de inrichting van Fryslân en een deel van het Groninger Westerkwartier. Door eerder aan tafel te zitten bij ruimtelijke en gebiedsgerichte ontwikkelingen kunnen we waterbelangen beter borgen en waar mogelijk toekomstige maatschappelijke kosten voorkomen.

Investeren in en voor de toekomst
Deze ontwikkeling zien we terug in onze investeringsopgave. Voor 2027 is € 111,5 miljoen aan verstrekkingen voor toekomstige investeringen opgenomen. Het gaat daarbij niet alleen om het vervangen en in stand houden van onze bestaande infrastructuur. We investeren ook om ons beheergebied veilig te houden bij een veranderend klimaat, het watersysteem robuuster te maken, de waterkwaliteit te verbeteren, de waterketen toekomstbestendig in te richten en onze energievoorziening en weerbaarheid te versterken.
De omvang van deze opgave maakt het noodzakelijk om scherp te prioriteren. Niet alles kan tegelijkertijd. We willen daarom steeds beter afwegen welke investeringen wanneer nodig zijn en welke combinatie van maatregelen op de lange termijn de meeste maatschappelijke waarde oplevert. Assetmanagement en een integrale programmering helpen ons daarbij om verder te kijken dan de investering van vandaag en ook om de effecten op beheer, onderhoud, energie, capaciteit en financiën van morgen mee te wegen.

Tegelijkertijd willen we de stap van beleid naar uitvoering verder zetten. We versterken dijken, werken aan een klimaatadaptiever watersysteem en aan schoon en ecologisch gezond water. In het boezemplan 2027 komen oplossingsrichtingen voor een toekomstbestendig watersysteem. In de waterketen kijken we verder dan het zuiveren van afvalwater alleen en richten we ons steeds meer op het voorkomen van vervuiling bij de bron en het benutten van gezuiverd afvalwater, energie en grondstoffen. Daarbij zoeken we nadrukkelijk de verbinding met ruimtelijke ontwikkeling, natuur en biodiversiteit. Steeds vaker komen deze opgaven bij elkaar in hetzelfde gebied. Dat vraagt om integraal werken en samenwerking met inwoners, bedrijven, medeoverheden en kennisinstellingen.

Ambitie en betaalbaarheid in balans
De noodzakelijke investeringen en de steeds hogere eisen aan ons werk hebben financiële consequenties. Juist daarom hebben we deze bestuursperiode ook een kanteling ingezet in de manier waarop we naar onze financiën kijken. Minder meerkosten is haalbaar. Zo willen we onze ambities realiseren én oog houden voor de ontwikkeling van onze lasten en schulden op langere termijn. Door bijvoorbeeld kritisch te sturen op de energielasten en de mogelijke risico's van prijsontwikkelingen en verbruik (door weersinvloeden) op deze kosten mee te nemen in het weerstandsvermogen kunnen we scherper begroten. Dat geldt ook voor de belastingopbrengsten en op de bijdragen van derden. Daarmee is het gelukt om de benodigde opbrengstenstijging voor 2027 iets te dempen ten opzichte van de perspectiefnota. Voor watersysteembeheer komt deze uit op 3,9% en voor zuiveringsbeheer op 7,1%.

Nieuwe ontwikkelingen zullen opnieuw aanpassingsvermogen en bestuurlijke keuzes van ons vragen. In de perspectiefnota 2027-2031 en in het volgende hoofdstuk *Externe en interne ontwikkelingen* zijn een aantal van deze ontwikkelingen benoemd, die nog niet in deze begroting op geld zijn gezet. Zodra daar meer duidelijkheid over is, zal dit in de volgende P&C-cyclus worden aangedragen. Ook de doorontwikkeling van de prestatie indicatoren krijgt daarin een blijvend vervolg.

Wat overeind blijft, is onze verantwoordelijkheid voor veilig, voldoende en schoon water en een toekomstbestendige waterketen. Zo werken we samen met onze omgeving aan een veilig, leefbaar en vitaal Fryslân en een deel van het Groninger Westerkwartier, nu en voor de generaties na ons.

Luzette Kroon, *dijkgraaf*

Joost de Ruig, *secretaris-directeur*

Foarwurd

Foar jo leit de begrutting 2027 fan Wetterskip Fryslân. It is de lêste begrutting fan dizze bestjoersperioade en dêrmei in natuerlik momint om stil te stean by de beweging dy't wy de ôfrûne jierren mei-inoar yn gong set hawwe, mar mei de blik rjochte op de takomst. De koers út de Perspektyfnota 2027–2031 *Kanteling yn Wetter* krijt yn dizze begrutting konkreet stal yn ús doelen, maatregels en ynvestearringen.

Yn beweging
Dizze bestjoersperioade steat yn it teken fan kanteling. Dy beweging is gjin doel op himsels. De wrâld dêr't wy ús wurk yn dogge, feroaret hurd. Klimaatferoaring wurdt hieltyd sichtberder, de druk op de wetterkwaliteit nimt ta en genôch swiet wetter is net langer fanselssprekkend. Seespegelstiging, boaiemdelgong en ekstremer waar stelle hegere easken oan ús wetterfeiligens en ús wettersysteem. Tagelyk freegje strangere wet- en regeljouwing, geopolitike ûnwissichheid, netkongestje en de tanimmende druk op de beskikbere romte om oare keuzes. Opgaven hingje hieltyd sterker mei-inoar gear en oplossingen kinne dêrom net mear los fan inoar besjoen wurde. Yn dizze kontekst fan tanimmende útdagings en ferantwurdlikheden freget dat fan ús dat wy ús noch nadrukliker posisjonearje as gesachhawwende en saakkundige wetterbehearder. Wetter en boaiem moatte daadwerkelijk meiwage by keuzes oer de ynrjochting fan Fryslân en in part fan it Grinzer Westerkertier. Troch earder oan tafel te sitten by romtlike en gebietsrjochte ûntwikkelingen kinne wy de wetterbelangen better boargje en dêr't dat mooglik is takomstige maatskiplike kosten foarkomme.

Ynvestearje yn en foar de takomst
Dizze ûntwikkeling sjogge wy werom yn ús ynvestearringsopjefte. Foar 2027 is € 111,5 miljoen oan ferstrekkingen foar takomstige ynvestearringen opnommen. It giet dêrby net allinnich om it ferfangen en yn stân hâlden fan ús besteande ynfrastruktuer. Wy ynvestearje ek om ús beheargebiet feilich te hâlden by in feroarjend klimaat, it wettersysteem robúster te meitsjen, de wetterkwaliteit te ferbetterjen, de wetterketen takomstbestindich yn te rjochtsjen en ús enerzjyfoarsjenning en wjerberens te fersterkjen.

De omfang fan dizze opjefte makket it needsaaklik om skerp te prioritearjen. Net alles kin tagelyk. Wy wolle dêrom hieltyd better ôfwage hokker ynvestearringen wannear nedich binne en hokker kombinaasje fan maatregels op de lange termyn de measte maatskiplike wearde opsmyt. Assetmanagement en in yntegrale programmearring helpe ús dêrby om fierder te sjen as de ynvestearring fan hjoed en ek de effekten op behear, ûnderhâld, enerzjy, kapasiteit en finânsjes fan moarn mei te wegen.

Tagelyk wolle wy de stap fan belied nei útfiering fierder sette. Wy fersterkje diken, wurkje oan in klimaatadaptiver wettersysteem en oan skjin en ekologysk sûn wetter. Yn it Boezemplan 2027 komme oplossingsrjochtingen foar in takomstbestindich wettersysteem. Yn de wetterketen sjogge wy fierder as allinnich it suverjen fan ôffalwetter en rjochtsje wy ús hieltyd mear op it foarkommen fan fersmoarging by de boarne en it benutten fan suvere ôffalwetter, enerzjy en grûnstoffen. Dêrby sykje wy nadruklik de ferbining mei romtlike ûntwikkeling, natuer en biodiversiteit. Hieltyd faker komme dy opgaven yn itselde gebiet byinoar. Dat freget om yntegraal wurkjen en gearwurking mei ynwenners, bedriuwen, oare oerheden en kennisynstellings.

Ambysje en betelberens yn lykwicht
De needsaaklike ynvestearringen en de hieltyd hegere easken oan ús wurk hawwe finansjele konsekwinsjes. Krekt dêrom hawwe wy yn dizze bestjoersperioade ek in kanteling ynset yn de wize wêrop't wy nei ús finânsjes sjogge. Minder mear kosten is helber. Sa wolle wy ús ambysjes realisearje én each hâlde foar de ûntwikkeling fan ús lêsten en skulden op langere termyn. Troch bygelyks kritysk te stjoeren op de enerzjylêsten en de mooglike risiko's fan priisûntwikkelingen en ferbrûk troch waarynfloeden op dy kosten mei te nimmen yn it wjerstânsfermogen, kinne wy skerper begrutsje. Dat jildt ek foar de belestingopbringsten en de bydragen fan tredden. Dêrmei is it slagge om de nedige opbringstestiging foar 2027 wat te beheinen yn ferliking mei de Perspektyfnota. Foar wettersysteembehear komt dy út op 3,9% en foar suveringsbehear op 7,1%.

Nije ûntwikkelingen sille opnij oanpassingsfermogen en bestjoerlike keuzes fan ús freegje. Yn de Perspektyfnota 2027–2031 en yn it folgjende haadstik *Eksterne en ynterne ûntwikkelingen* binne in tal fan dy ûntwikkelingen beneamd, dy't noch net finansjeel yn dizze begrutting ferwurke binne. Sadree't dêr mear dúdlikens oer is, sil dit yn de folgjende P&C-syklus ynbrocht wurde. Ek de trochûntwikkeling fan de prestaasje-yndikatoaren krijt dêryn bliuwend omtinken.

Wat oerein bliuwt, is ús ferantwurdlikens foar feilich, genôch en skjin wetter en in takomstbestindige wetterketen. Sa wurkje wy mei ús omjouwing oan in feilich, leefber en fitaal Fryslân en in part fan it Grinzer Westerkertier, no en foar de generaasjes nei ús.

Luzette Kroon, *dykgraaf*

Joost de Ruig, *sekretaris-direkteur*